


Novimber 2005

# De Treffer

## klupblêd fan fuotbalferiening SDS

**jiergong 36 nûmer 3** **novimber 2005**

| Redaksje: | Adres: | tillefoan: |
|---|---|---|
| Aant Hofstra | Swingoerd 25 , 8731 CV Wommels | 0515-332364 |
| Durk Okkema | Sjaardaleane 7, 8734 GH Easterein | 0515-333005 |
| Sjoerd van Beem | Molewâl 4, 8731 AD Wommels | 0515-332482 |
| Willem Wijnia | Walperterwei 21, 8731 CC Wommels | 0515-331444 |
| Metsje Huitema | Tywert 4, 8731C L Wommels | 0515-333295 |
| Gerard van Asselt | Dobbelân 6, 8734 GZ Easterein | 0515-332181 |

| Bestjoer: | | tillefoan: | funksje: |
|---|---|---|---|
| Rienk Wiersma | Itingewei 4, 8735 HT Itens | 0515-332400 | Foarsitter |
| Ymie Kamstra | Monsamabuorren 1, 8844 KT Hennaard | 0515-332149 | Skriuwer |
| Willem Twynstra | De Ljits 1, 8734 HL Easterein | 0515-332570 | Ponghâlder |
| Tinus Hoekstra | Skipperbuorren 17, 8734 GT Easterein | 0515-331866<br>06-41576819 | Wedstriidsekretariaat |
| Dukke v/d Wey | Skoallestrjitte 38, 8734 GN Easterein | 0515-332340 | 2e ponghâlder |
| Jappie Wijnia | De Jister 3a, 8731 EB Wommels | 0515-332245 | Foarsitter jongerein |
| Eddy de Boer | Skippersbuorren 15, 8734 GT Easterein | 0515-331533 | Lede-administraasje |
| Enne Jeh. Bruinsma | De Singel 12, 8734 HR Easterein | 0515-332013 | PR en Reklame |
| Roel Sijbesma | De Singel 17, 8734 HP Easterein | 0515-332186 | Sen. / Technyske saken |

| Jongereinkommisje: | | tillefoan: | funksje: |
|---|---|---|---|
| Jappie Wijnia | De Jister 3a, 8731 EB Wommels | 0515-332245 | Foarsitter |
| Tineke Vink | De Singel 30a, 8734 HR Easterein | 0515-333134 | Sekretariaat |
| Anco Elgersma | Learloaier 1, 8456 JC de Knipe | 0513-333927 | Skriuwer |
| Pieter Groenveld | 't Bosk 18, 8731 BL Wommels | 0515-333927 | Algemien lid |
| Anne Hallema | De Singel 19, 8734 HP Easterein | 0515-332928 | Algemien lid |
| Syb Overal | De Singel 7, 8734 HP Easterein | 0515-331532 | Algemien lid |

| Wedstriidsekretariaat | | | |
|---|---|---|---|
| Tinus Hoekstra | Skipperbuorren 17, 8734 GT Easterein | 0515-331866<br>06-41576819 | senioren/junioren |
| Andre Vink | De Singel 30a, 8734 HR Easterein | 0515-333134 | Pupillen |

**Akkomodaasje:**

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700

| Fersoarging terrein en materialen: | | tillefoan: |
|---|---|---|
| Andries Stuiver | A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein | 0515-332872 |
| Hans Kooistra | De Singel 9, 8734 HP Easterein | 0515-331560 |
| Harm Bergsma | Skoallestrjitte 46, 8734 GN Easterein | 0515-332476 |

**Konsul:**

Pier Faber, 't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

**Bankrelaasje:** 34.95.01.033 Rabobank Bolsward e.o.

**Ferienings nr KNVB:** BB BG 32H

| **Korrespondinsje besoarging Treffer:** | | **Tillefoan:** |
|---|---|---|
| Easterein: | Dukke vd Wey, Skoallestrjitte 38, 8734 GN Easterein | 0515-333240 |
| Wommels: | Fam. Postma, Roede 29, 8731 CT Wommels | 0515-332469 |
| Itens/Hinnaard: | Sjouke Sjoukema, Hearedyk 55, 8735 HP Itens | 06-25547253 |
| Spannum: | Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum | 0517-341532 |
| Winsum: | Sybren Wassenaar, Hege Terp 13 Winsum | 0517-341886 |
| Kûbaard: | Fam. Verheus, Joarumerleane 2, 8732 EC Kûbaard | 0515-332965 |
| Oare plakken: | Metsje Huitema, Tywert 4, 8731 CL Wommels | 0515-333295 |

| **Kontribûsje :** | | | |
|---|---|---|---|
| | Senioren fjildfuotbal: | € 50,95 | it healjier |
| | Senioren sealfuotbal: | € 36,75 | it healjier |
| | Senioren fjild- en sealfuotbal: | € 65,10 | it healjier |
| | A- en B-junioren: | € 40,45 | it healjier |
| | C-junioren: | € 34,10 | it healjier |
| | D- en E-pupillen: | € 27,80 | it healjier |
| | F-pupillen: | € 24,10 | it healjier |

foar de jongerein jildt fanôf it twadde gesinslid 20% koarting

**Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,-**

Foar leden en stipers is de tagong **fergees**.

**Stipers**

Stipers fan **€ 12,-** (of mear) yn it jier, krije "de Treffer" fergees. Wurdt "de Treffer" mei de post opstjoerd dan freegje wy in bydrage yn de porti-kosten..

**Klup fan 50**

Foar **€ 50,-** yn it jier wurde jo lid. Jo ynlis wurdt brûkt foar de jongerein fan SDS. Dêr tsjinoer stiet dat jo ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd krije en dat jo by kompetysje-wedstriiden fan ús earste âlvetal frij tagong hawwe. Foar neiere ynljochtings kinne jo skilje mei Willem Twijnstra (till. 0515-332570).

**Oanmelding nije leden:**

Aspirant **jongereinleden** kinne foar in oanmeldingsformulier en foar neiere ynformaasje skilje mei de skriuwer fan 'e jongereinkomissje, Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Aspirant **senioren (fjildfuotbal)** kinne kontakt opnimme mei Roel Sijbesma (till. 0515-332186). Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynleverje wurde.

Aspirant **sealfuotballers** kinne kontakt opnimme mei Roel Sijbesma (till. 0515-332186).

Foar sealfuotballers jildt deselde proseduere as by fjildfuotballers. Omdat sealfuotballers harren foar de wedstriid legitimearje moatte, is ek nog in **pasfoto** nedich.

Oanmelding kin ek digitaal. Neiere ynfoarmaasje is te fynen op: **www.vv-sds.nl**

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgjende nûmer is:

**28 novimber**

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst op skiif of oer de E-mail.

E-mail adres: detreffer@vv-sds.nl



Fryske dei



side 9

Meinte Sixmatoernooi



side 17

De teannen fan



side 33

## Ynhâldsopjefte


Fan it bestjoer .... 4
Fan de redaksje .... 4
Fan de skeids .... 6
Samar in ......Fryske Dei! .... 7
SDS3 buorket aardich nei de middenmoat ta .... 9
A1 wurdt hieltyd better .... 10
Mei de groetnis fan A2 .... 12
C1 bliuwt it goed dwaan .... 13
De jeugd op de tekst .... 14
Ledegearkomste .... 15
It ljocht op twa sponsers .... 16
Meinte Sixmatoernooi .... 17
SCHEMA ZAALTRAININGEN 2005/2006 .... 18
Samar wat foto's. .... 19
Ut de âlde doaze .... 19
Himd fan it liif .... 21
Oan it wurd .... 22
SDS League .... 23
Sibe .... 25
Standen fjildfuotbal per 28-10-2005 .... 26
Standen futsal .... 30
Doelpuntenmakkers 2005/2006 .... 31
Der is wer ien jierdei .... 32
Trefferkes .... 33
Samar in foto .... 35
Agenda .... 36

# Fan it bestjoer

Het voetbalseizoen 2004 – 2005 is al weer enige maanden geleden geëindigd en dit houdt voor de penningmeester in dat de balans opgemaakt kan worden voor de ledenvergadering, die gehouden zal worden op **maandag 14 november a.s.**



Ik heb geprobeerd om de financiën van de club in het afgelopen seizoen goed te beheren en dit is volgens mij goed geslaagd. Ondanks een begroting met een negatief resultaat hebben we het seizoen af kunnen sluiten met een positief resultaat.

Halverwege het seizoen hebben wij een aantal financiële zaken besproken en kwamen tot de conclusie dat wanneer wij, voor het seizoen 2005-2006, op dezelfde manier door zouden gaan er een behoorlijk tekort zou ontstaan. Dit heeft er toe geleid dat er toch een aantal zaken aangepast moeten worden zoals contributieverhoging, aanpassing contributie zaalvoetbal en aanpassing van het donateurbeleid. Nu het eerste elftal in de 1ste klasse voetbalt is het contract met de hoofd-sponsor (American Base) aangepast en is het sponsorbedrag verhoogt. Tevens is besloten een sponsorcommissie op te richten die zich bezig houdt met het zoeken van sponsors en het werven van leden voor de Club van 50. Dat dit een goede beslissing is geweest blijkt wel uit het feit dat zij er in geslaagd zijn om een co-sponsor te vinden voor het 1ste elftal nl. Hanzedruk B.V. te Bolsward.

Verder hebben zij, voor dit seizoen, als doel gesteld om het aantal leden van de Club van 50 behoorlijk uit te willen breiden en dit te brengen op 100. Ook zal aan de onkostenkant de vinger aan de pols moeten worden gehouden.

Als bestuur willen we graag bovengenoemde zaken voor leggen aan de leden en hun mening daarover horen. Des te meer reden om de ledenvergadering te bezoeken. Natuurlijk zijn ook leden van de Club van 50 en donateurs van harte welkom. Wij rekenen er op dat van elk team een aantal leden (het gehele team mag ook) aanwezig zullen zijn. Bent u niet in staat om de vergadering te bezoeken dan kunt u voor informatie contact met mij opnemen.

Willem Twijnstra, penningmeester.

# Fan de redaksje



Ien ding is wis. Alles draait om frijwilligers bij in klup as SDS. As nij redaksjelid haw ik sels nea witten dat der safolle tiid yn alle aktiviteiten op en rûn it fjild stutsen waard.

It is foar my dan ek sublym dat der safolle minsken klear stean foar harren favorite klup út Easterein. In Treffer dy op tiid klear wêze moat is dan in taak foar mij en myn "Treffer-kollega's". Dit bestiet út: Taakoerlis, útfiering fan je

taak en it op tiid oanleverje bij de grutte baas Aant of Willem. Dit is dan in beskieden stikje fan ien fan alle frijwilligersaktiviteiten. Dêrneist bin der tal fan minsken dy harren dwaande hâlde mei alles wat jo mar betinke kinne dat der allegear bart op de Skoalleseize:
-It ûnderhâld fan it fjild
-skiedsrjochters en flaggers regelje
-jeugdbestjoer
-kantinebehear
en sa kin ik noch wol even troch gean!!
Ik fyn dit echt TOP.

Oer de top sprutsen. SDS 1 hat yn in top-klasse (1e-klasse) de earste trije punten binnen helle. Dizze dei sil in soad minsken noch grif heuge. Mei wat karakter en ynset is der seker yn myn eagen (en ik bin fêst net de ienige) kâns op hanthaven.

Yn dizze Treffer kom jo wer fan alles en noch wat tsjin en seker de muoite wurdich om dit blêd te bewarjen. Yn de Treffer-redaksje sjoch ik dat eltsenien mei in protte wille nei de fergaderingen giet en syn taken mei alle nocht levert. Dit levert dan ik allertiden in goed resultaat op, it resultaat fan in blêd wer jo ûngeduldich op sitte te wachtsjen om him troch te bledderjen.

Gegroet G.v.A en treffercrew!!

Willem Wijnia en Lolke Hofstra wiene de earste twa fuotbalprofesoren fan SDS. Soe der immen wêze dy't harren ferslaan kin?
It antwurd op dy fraach komt de kommende moannen.
Want op **17 novimber**, op **1 desimber** en op **15 desimber** wurde de foarrondes holden foar de tredde fuotbalkenniskwis fan SDS, wêrbij striden wurdt om de titel **fuotbalprofessor fan SDS.**

Kandidaten binne: Jappie Wijnia, Willem Wijnia, Durk Okkema, Gearard Posthumus, Ype Tiemersma, Ruurd Boorsma, Klaas Okkema, Marcel Frankena en Marco Hoekstra.

**De finale wurdt spile op 7 jannewaris 2006.**
Lolke Hofstra hoecht as winner fan 2005 gjin foarronde te spyljen. Hij is al pleatst foar de finale. Sjoch op ynternet hoe't de yndieling is en kom lâns.
Wij begjinne meast in oere as 21.30 oere, sadat elkenien earst traine kin.

# Fan de skeids



Dizze keer weer 5 vragen. De antwoorden kun je vinden bij de Trefferkes achterin deze Treffer

1. Wanneer is in beide gevallen de hervatting een indirecte vrije schop?

a. Het leunen op een tegenstander en het tijdrekken.
b. Na gevaarlijk aanvallen van een tegenstander en het beledigen van de scheidsrechter.
c. Ongeoorloofd obstructie en het springen op een tegenstander
d. Gevaarlijk spel en het op grove wijze beledigen van een tegenstander

2. De doelverdediger heeft, op de grond liggend, nog een vinger op de bal. Mag de bal nu worden gespeeld?

a. Alleen door een tegenstander
b. Alleen door een medespeler
c. De bal mag niet meer worden gespeeld
d. De bal mag door iedereen worden gespeeld

3. Een tweede elftal in het amateurvoetval wil een competitiewedstrijd op kunstgrasveld van de vereniging spelen. Is dit toegestaan?

a. Dit is alleen toegestaan, mits voor dit speelveld een door de bond afgegeven certificaat is of wordt afgegeven.
b. Dit is in het gehele amateurvoetbal niet toegestaan
c. Dit is toegestaan als de tegenstander hiertegen geen bezwaar heeft
d. Dit is toegestaan als men de tegenpartij van te voren inlicht.

4. Wanneer een spelhervatting genomen wordt, moet de afstand tussen de spelers van de tegenpartij en de bal minstens 9.15 meter zijn. Wanneer moet de afstand groter zijn/

a. De veldspelers bij een strafschop
b. Bij een hoekschop
c. Bij een doelschop
d. Bij de aftrap

5. Een doelverdediger wordt bij het wegwerken van de bal gehinderd door een aanvaller die de ontwijkende bewegingen van de doelverdediger volgt. De aanvaller wordt bestraft wegens:

a. Onbehoorlijk gedrag
b. Gevaarlijk spel
c. Ongeoorloofde obstructie
d. Gevaarlijk aanvallen.

# Samar in ......Fryske Dei!



Op sneon 15 oktober waard foar it earst in Fryske Dei by SDS organiseare. De dei stie yn it teken fan de ienige Fryske derby yn de 1e Klasse E, dy tusken SDS 1 en BCV 1. Aant Hofstra kaam mei it geweldige idee om dit te dwaan en krige hulp en ideëen fan ferskeidene oare frijwilligers. De Fryske flagjes wapperden moarns betiid al yn de noflike oktobersinne. Wylst de lêste spandoeken noch efkes ophongen waarden spilen de B-junioaren fan SDS (hiel tapaslik) tsjin harren leeftiidsgenoaten fan de Burgum/BCV-kombinaasje. Dat sy hjirtroch aardich ôfleid waarden wie wol te sjen oan de útslach. De Burgumers wûnen mei 8-0.



Hjirnei mocht SDS C1 "boartsje" mei Blau-Wyt '34 C2. Wylst Stoffel syn tintsje opsette om it Fryske damspul oan de man te bringen skoorden de SDS 'ers der op los. Sy wûnen dan ek mei 9-0. Stadichoan waard it al wat drokker op de Skoalleseize.



It wie kertier oer tolven en SDS 2 mocht los tsjin Heerenveense Boys 2. De spilers fan SDS 2 wienen sa ûnder de yndruk fan alle ombollingen rûn de Fryske Dei dat sy mei 5-1 oan de kont krigen. Wie it it lûd fan de damhoutsjes fan Stoffel, it ynsjongen fan Folkert-Rients, de geur fan de hynstekeutels of gewoan in minne dei? Yn elts gefal bakte SDS 2 der hielendal neat fan. Om healwei trijen wie it dan eindliks safier. Mei sa 'n 800 minsken oan de kant en prachtich moai waar koe it hichtepunt fan de dei begjinne. De spilers kamen it fjild op en stienen allegear op in rige foar it Fryske folksliet wat prachtich sjongt waard troch Folkert Rients Vellinga. Hjirnei kaam de wedstriidbal mei in Frysk hynder fan Yde Sjaarda nei it fjild ta. Eltsenien hie der nocht yn. Dit kaam it spul fan SDS 1 lyk ten goede. De jacht op de 1e goal yn de 1e Klasse gie los. Wa soe him meitsje? Op ynternet waarden de 1e gokjes al weage. It wie SDS dat yn it begjin fan de wedstriid it bettere fan it spul hie. Trainer Marcel Frankena hie wat omsettingen dien dy 't net gek útpakten. Sa spile Floris Hiemstra yn in frije rol op de linksachter en begie Skelte Anema yn de basisalve. Nei sa 'n 10 minuten wie it Floris dy 't de 1-0 makke út in frije traap.

Mei wat gelok foel de bal fia it muorke efter de keeper fan BCV. Eindliks in goal yn de 1ᵉ Klasse. Oan it lûde gejuich fan 't publyk wie te hearen dat der net allinne fan de spilers in lêst ôf foel.
Nei de 1-0 waard BCV sterker. Echte kansen levere dit net op. SDS krige mei tsjinslach te krijen doe 't Tseard Halbersma nei sa 'n heal oere útfoel mei in blessure. De trainer moast hjirtroch wer wat omsettingen dwaan. Floris gie werom nei it sintrum fan de ferdigening, Feite de Haan kaam op 'e rjochtsachter en Henk Postma sakke fan de linksheal nei linksachter. Jeroen Brouwer kaam deryn foar Tseard en mocht op 'e linksheal fuotbalje. BCV hie SDS yn de tange mar it bleaun oan 't de rêst 1-0.



Yn de rêst mocht de trainer wer orde op saken stelle. Foaryn rûn it noch net sa as it moast. De spits Hendrik de Jong wie muoisum te berikken troch ûnderlinge misferstannen. It waard saak goed te sjen wêr 't Hendrik de bal hawwe woe. Efteryn moast der noch better coacht wurde. Troch in misferstandsje tusken Feite en Jacob-Klaas wie BCV dochs hast gefaarlik west yn de earste helte.
De twadde helte waard dúdlik foar BCV. SDS waard hieltiten fierder efterút drukt en koe der net mear út komme. Remco Brouwer stie knap te keepen mar koe net foarkomme dat de spits fan BCV, Roelof Koop, sa 'n kertier foar it einde, de bal nei in foarset fan de sydkant knap binnen tikte. Soe de prachtige dei dan dochs noch bedoarn wurde? SDS gie nei de 1-1 wer oanfallen en like plots wer yn de winst te leauwen. Robert Sybesma kaam der yn foar Skelte Anema om foaryn noch wat mear druk te jaan. Al gau krige Mark Postma in grutte kans op de 2-1. Wêr 't hy mei links sjitte moast skeat hy mei syn rjochter de bal op 'e peal. Dit wie foar SDS de grutste kans fan de wedstriid en mei noch sa 'n 10 minuten te gean soenen der fêst net folle mear folgje. De joker(Willem Wijnia) stie ynmiddels op de râne fan it fjild om yn te fallen. Hendrik de Jong seach te bui hingjen en besleat noch ien kear oan te setten foar in aksje. Hy spile in Burgumer foarby en joech de bal knap op Dirk-Yde. Dizze helle út en …2-1!! De tsjerketoer gie hin en wer fan 't lawaai en Dirk-Yde waard efternei sitten troch 9 jong-keardels(Robert sparre syn krêften en rûn werom nei de middenline) die 't him bespringe woenen. BCV krige hjirnei gjin kans mear en de skiedsrjochter fluite ôf. Wat in opluchting! Eindliks in goal, 3 punten en in tige noflike dei dy 't byskreaun wurde kin yn de boeken. (WW)



# SDS3 buorket aardich nei de middenmoat ta

**Gehavend SDS-3 blij met punt in Sexbierum**

Een gehavend SDS-3 pakte zaterdag een verdienstelijk puntje mee uit Sexbierum tegen een gemakkelijker voetballend AVC.
Door de afwezigheid van Wouter,paar daagjes Terschelling om Afke in de watten te leggen, en de blessures van Remco Bervoets,
Jentje Jorritsma en de half fitte Sjoerd Beem en Jappie Wijnia was het voor interim leider Lieuwe Meijer behoorlijk puzzelen om de juiste
11 binnen de lijnen te krijgen.Er kwamen nogal wat mensen op vreemde posities te spelen en dat kwam mde wedstrijd niet ten goede.
Utslach: 2-2 Doelpunten Wichard en Gerlof

**SDS-3 op karakter naar verdienstelijk punt**

Een goed spelend SDS-3 behaalde afgelopen zaterdag zeer verdienstelijk een punt in de wedstrijd tegen Meppel-4. Door de vele blessures en afmeldingen moest leider Wouter het gehele team weer door elkaar husselen,en dat kwam het voetbal niet ten goede

------

Het toont van een geweldig stuk karakter om zo terug te komen na en 0-2 achterstand,klasse jongens het geeft aan dat we best mee kunnen draaien in deze klasse en wanneer we straks compleet raken dan zit er misschien wel meer in, wie weet !!!
Utslach 2-2 Doelpunten: Wichard en Remco

**SDS-3 sprokkelt punt in Koudum, maar het hadden er drie kunnen zijn**

Afgelopen zaterdag wachte ons de zware uitwedstrijd in Koudum tegen het hoog geklasseerde Oeverzwaluwen-2,een jonge ploeg aangevuld met enkele oud eerste elftal spelers en daardoor zeer moeilijk te verslaan. Vanwege de vele blessures bij het eerste en het tweede vertrokken we met een smalle en gehavende selectie. 12 man stonden er op papier waarvan Remco,Wichard,Gerard en na de warming-up Jan niet geheel fit waren.

---------

Na 25 minuten kwamen we dan toch, misschien wat tegen de verhouding in, op een 0-1 voorsprong. Wichard werd neergesabeld en daarop volgde een vrije trap die door Anco perfect achter de muur werd gelegd,Wichard was er als de kippen bij en tilde de bal wonderschoon over de doelman van de thuisclub heen en liet het net bollen.
Utslach 1-1 Doelpunt Wichard



**De bank fan SDS 3: Sjoerd, Marco en Jentsje**

# A1 wurdt hieltyd better

*** SDS A1 – Nijland A1 2-3**

A1 ferlear sneon mei 2-3 fan Nijlân A1. De fuotbalwet oer it gelok fan de koprinner gie sneon wêrris op. SDS kaam yn de earste minuut op foarsprong troch in blunder fan de Nijlân keeper. In foarset fan Johannes waard slecht ferwurke, wêrtroch Feiko syn achtste(!) seizoensgoal meitsje koe. In fan rjochting feroare skot soarche foar de lykmakker fan Nijlân. Tsien minuten foar de rêst makke Jelmer (syn earste) op oanjaan fan Johannes de 2-1.
Mar yn de lêste minuut fan'e earste helte skoarde Nijlân mei in kopbal. Korné keepte in goeie wedstriid, mar by dizze aksje seach it der net al te best út. Mei 2-2 op it skoreboard sieten wy oan de thee. Yn'e twadde helte mear balbesit, mear kansen maar gjin punten. Op't stuit dat Geart blesseard rekke oan de lies, profitearde Nijlân fan dit gemis yn'e ferdediging. Wêr gjin punten, mar it spul wurd stadichoan better. Der is noch in soad te learen mar de progressie is der. Wat mear geluk, in bytsje slimmer en brutaler (duels winne) dan komme de punten fansels.
Klaas en Marco.

*** Heerenveen A2 – SDS A1 2-2**

De A1-junioren wachtsje noch altiid op de earste winstpartij.Út tsjin Heerenveen A2 waard it op Skoatterwald 2-2.In fracht oan kansen. De measte kansen koene ús spitsen net fesilverje. In soad blessureleed (Geert en Johannes). In 0-2 foarsprong. Twa slemieliche goals tsjin. Mar ien kans tsjin en dizze kans waard ek noch oer sketten. Goals fan Feiko en Ralph op oanjaan fan Johannes. Koartom in wedstriid om snel te ferjitten. Wat soe it moai wêze at we folgende wike it gelok oan ús eigen side hawwe. Of moat de gifbeker hielendal leech?

*** SDS A1 – Zeerobben A1 2-1 (8-10-2005)**

Ofrûne sneon hat SDS A1 mei 2-1 wûn fan koprinner Zeerobben.
In terjochte útslach, SDS hie sa as gebrûkelyk in fracht oan kansen. Zeerobben koe hjir neat tsjin oar sette. In oantal oanpassingen yn de opstelling die fertúten. Goals waarden makke troch Jelmer en Johannes.
Dizze kear gjin goals fan Feiko, hy spyle mear fededigend yn tsjinst fan it alvetal (klasse). Korné keepte foutloos. Sybren skakelde de beste man fan Zeerobben út.
Redmer wie in waardige ferfanger fan Arjen. Malcolm is foar de tsjinstander altiid in lêstige klant. Jildert en Ralph wurde mei de wike better. Geert hellet altiid in dikke foldwaande. Jelmer begjint te scoren. Johannes is the art director. Bauke foel goed yn, hij komt deroan. Eeltje pakte syn earste minuten yn A1 en dernei noch spylje mei A2. Lykas Erwin, hij krige jammer genoch gjin tiid yn A1 mar spyle lokkich in goeie pot yn A2. Paul is supersnel en dus gefaarlyk, no noch in stikje rendament derby. Wa wit sit der nog folle mear yn dit team. We moatte hurd wurkjen bliuwe om nog in oantal belangryke aspecten ûnder de knibbel te krijen. Al mei al in moaie oerwinning wat fertrouwen jout foar de takomst. Folgende wike sneon út tsjin it altiid lêstige Makkum.

*** Makum A1 – SDS A1 0-5**

SDS A1 komt sa stadichoan yn foarm. Makkum waard sneon mei 5-0 ferslein. Foar it earst 'de nul'. Foar it earst mear as twa goals (Paul wie hjir noch al oer te

sprekken).
In oantal jonges wol ik apart neame, sy hiene in hiele goeie middei.
Korné keepte in poer beste partij (man of the match). De beide mandekkers Douwe en Sybren hiene de makkumer oanfallers yn´e bûse. Jelmer koe net skore (wol 2 assists), mar spyle ek in ´monsterpot´.Geart wie ûnopfallend goed (yn tsjinst fan it alvetal) op syn neie plak as
mid/mid. Alle reden om tefreden te wêzen. Oer de punten binne we dat ek wol mar it
spul moat nog constanter wurde. Goeie momenten wurde ôfwiksele mei mindere perioaden. O ja, goals fan Feiko (2), Johannes (beauty) Paul en Ralph.
Neie wike frij om te bekommen, fekansje te fieren, leare foar tentamens of oare drokte.
Oer 2 wiken geane we der wêr tsjinoan. (en doe wûnen se fan jv Bolsward mei 6-4. red.)

**Skerp wêze!**

*De A-Junioren stean klear om it fjild op te gean. Klaas de Haan ropt: skerp begjinne mannen!*
*We rinne it fjild op, sille begjinne. Mar wêr is Klaas ús grinsrjochter?*
*Oan de ferkearde kant by de gasthearen. Ek harren flaggenist wie yn´e war, hy stie ek oan de ferkearde kant.*
*Wat soe Klaas bedoele mei skerp begjinne?*

**Drige**

Marco Hoekstra en Klaas de Haan, de trainer en lieders fan A1 seagen mei langstme út nei de earste oerwinning. De ôfrûne wike hiene se gekjeiend alris sein dat wannear de mannen sneon net winne soene, se mar ris in wykein nei "Het kleine paradijs, het centrum voor helen en spelen" moasten. Foar de twa Feytens hie dat fansels neat útmakke, want dy wenje dêr.
De driging fan de lieders hie sukses: A1 wûn fan de koprinner Zeerobben.
Klaas de Haan wie dan ek dúdlik nei ôfrin: Lit dit in tip wêze foar de trainer fan SDS 1

# Mei de groetnis fan A2

**SDS A2-LSC 1890 A2 1-1**

Op 8 oktober moesten we maar weer eens even voetballen, met een nieuw team waren we nog niet helemaal op elkaar ingespeeld, en toen kwamen er ook nog eens een nieuw lid en 2 b's erbij waardoor we een mooi team kregen. Met dit team zullen we dan die seizoen eens even wat laten zien ✍. Een paar wedstrijden ervoor was er nog geen winst behaald en dat werd eigenlijk wel eens tijd maar het zou deze keer weer net niet lukken, maar gelijk spel is ook altijd goed. De wedstrijd begon goed voor de ons want we kwamen 1-0 voor, door een slechte bal van de tegenstander waar iemand van ons tussen zat, zodat hij hem zo naar Pytrik kon spelen die het doelpunt maakte. Net voor rust werd er jammer genoeg! Nog een penalty door Pytrik gemist ( hij ging een beetje over ✍ ). Maar met 1 goal voor gingen we toch met een goed gevoel de rust in. Na een kopje thee, en een vette peptalk gingen we de 2^de^ helft in.

2^de^ helft begon beetje matig en daarom kregen we al snel een doelpunt tegen en gingen de kopjes een beetje omlaag, maar verder zetten we gewoon goed door en kwamen er nog veel kansen voor zowel de tegenstander als voor ons, maar onze keeper heeft ons weer eens gered.

**Martijn Rispens**

**SneekWitZwart A2 – SDS A2**

We moasten op 22 oktober nei Snits te fuotbaljen. Der wiene in stik as 5 spilers wa't earst wurkje moasten bij de Jumbo yn Wommels. We soenen om 10 oere fuort út Easterein, mar se wiene krekt foar tsienen klear. Dus waard de mem fan Ids opbelle at se ek oer Wommels ride koe. Earst yn gesprek, want se wie mei de Jumbo(echt wier) oan it beljen. No, doe krigen we har der foar, se soe earst efkes bij it fjild sjen yn Easterein, om te melden dat se in stik of wat jonges ophelje soe en dat se dan sels wol yn Snits komme soe. Korne moast ek noch mei fan de A1, der ha we noch efkes op wachte. Wij wiene yn Snits, doe kaam der noch in petear oer wêr't we wêze moasten, gelokkich ha we it goeie fjild útsocht, dat fan WZS. En doe wie it noch wachtsjen op de minsken út Easterein, Die wiene dus bij VV Sneek. Tsien foar alven wie eltsenien yn de boks, en nei in Warming-up fan dik 2 minuten koene we los. We begongen sterk oan de wedstriid, yn it earste kertier wiene wij de bettere, wij hienen ek de earste echte kâns yn de wedstriid. Jammer genôch miste Redmer. Dernei wie der in ûngelokkich momint, Korne soe in bal fuortskoppe, mar die stuitere wat raar, en hij skeat ûnder de foet troch. (1-0).Dernei krigen wij wer in kâns en doe kamen sij wer in kear, nei in goeie foarset , makke de spits de moaiste goal fan de wedstriid, heal út'e draai. Der waard foar de tee ek noch in 3-0 yntikke. Yn de earste helte wie Niels der al út helle mei in opkommende blessuere. Yn de rust waard ik ek wiksele, want ik kriich it wat benaud. Martijn en Steffen kamen der yn. En Pytrik wie der al foar Eeltsje yn kommen. It wie al gau 4-0, doe kaam Eeltsje der wer yn foar Bram. Doe kriich Snits in penalty, omdat Korne ien bij de fuotten pakte.It waard noch ôfmakke troch in yntikkerke, en de einútslach wie dus 6-0. Wij kinne dochs tefreden op de wedstriid weromsjen, fyn ik. Ik ha der wer in soad fan leart. En fan de ûnfersleine haadrinner ferlieze is noch altyd better as ferlieze fan de ûnderste.

**Ids de Boer**

# C1 bliuwt it goed dwaan

Klaas Pompstra skriuwt alle wiken in ferslach oer de wedstriden fan C1 foar www.vv-sds.nl . Op dizze bledside in gearfetting fan dy ferslaggen.

**Nijland C1 – SDS C1 (5-3)**

Ja, jo lêze it goed, we ha de 1e 'derby' yn Nylân ferlern. Oer it werom kinne we ferskate dingen sizze:

1. We makken sels gjin goals wylst we kânsen hienen en in 2e helte ien kant op spilen.
2. We misten lêste man (Jort), foarstopper (Ludze) en in middenfjilder (Wytse), wylst de oaren it dochs weol knap oppakt hawwe!
3. We wienen wat 'te leaf' foar de tsjinstanner. Sels by frije trapen foar ús moast Nylân hast noch de bal foar ús klearlizze.
4. Nylân countere hjoed hiel goed

.

Doelpunten wiene der fan Andries en Arjen

**SDS C1 – Rood Geel C2 (9-2)**

Hjoed in wedstriid mei 2 gesichten, sawol yn as bûten it fjild. We begjinne yn it fjild. Tsjinstanner wie Rood Geel C2. Foargeande oan de wedstriid hat C1 mei de lieders yn de bestjoerskeamer sitten. Der ha we efkes tekene wat we graach yn it fjild sjen wolle. Foarige wike gie it mis tsjin Nylân en guon saken moasten efkes dúdlik delsetten wurden. Oan de kopkes te sjen hienen hja wol begrepen wat der barde moast. De 1e helte gie Ayanle nei C2 (of fersyk fan harren lieders) ta om it der ek efkes te prebearjen. Derfoar kaam Eddy Visser hjoed by ús. Eddy hat de 2e helte meispile.

**JVC Nylan C1 – SDS C1 (4-4)**

Fansels, wy hienen mear skoare moatten, noch in kear oansette moatten foar in goal nei de 3-4 en ús stil hâlde oan de kant. Mar tsjin sokke saken kinne je it no ienris net winne. It liket nearne nei!
Der sit mar ien foardiel oan dizze hiele wedstriid. We hoege de jonges foar de thúswedstriid net mear te motivearjen. Fansels ha ik de skieds efkes betanke foar syn frijwilligerswurk en dat hy JVC Nylan goed holpen hie. Ik krige noch in warskôging dat hy my no noch wol opskriuwe koe. Der bin ik mar net op yngien. De fjirders aardige lider en grinsrjochter fan JVC Nylan ha ik felisitearre en betanke. Gefeliciteerd, we hebben 4-4 gespeeld. Ik ha him allinnich noch mar efkes oansjoen en doe binne we nei de boks gien.
Jonges, goed spile hjoed! Ek in komplimint oan de jonges dat hja harren foartreflik gedroegen ha yn en bûten it fjild. Hoe slim moat je wêze yn sokke wedstriden

**SDS C1 – Blauw Wit'34 C1 (9-0)**

Ik wol begjinne om in kompliment te meitjsen oan de jonges foar de wedstriid fan hjoed. We 'seure' somtiden wol in soad tsjin jimme oan, mar dat giet der om dat jimme it spultsje begripe en goed spylje. De útslach fan 9-0 mei doelpunten fan Doede (4), Jacob (2), Wytse, Arjen en Ayanle elts 1 wie dúdlik.

# De jeugd op de tekst



Wij hebben vandaag een leuke wedstrijd gespeeld tegen Heeg.
Wij hebben heel veel doelpunten gemaakt.
Het eerste doelpunt werd al naar 1minuut gemaakt door Koen.
Doelpuntmakers Koen 5, Gerwin 5, Krist 1, Piter 1,Inne 1 en een eigen goal.Wij hebben dus met 14-0 gewonnen!!!!!

*niels hazewindus **(F2)***



Rood-Geel F6 – **SDS F3** 0-6
Vanmorgen heel vroeg moesten wij naar Rood-Geel F6 in Leeuwarden. Mem was nog niet eens thuis uit de nachtdienst. We wonnen met 0-6! Door vier van Koen, één van Marten, en één van mij. Ik denk dat we steeds winnen door de snoepjes die we in de pauze van Johan krijgen!
**Groeten van Piter van der Pol**



Ik ha mei myn team **SDS F2** 8 oktober nei LSC1890 F5 yn Snits west ik make de 1-0 en de 2-0 Watze-Jacob make de 3-0 Jacob make de 4 –0 .Yn de twade helft make Frank de 5-0 en LSC make de 5-1 toen waar it 5-2 en ik make de 6-2 foar de 5-1 nam ik een hoekschop en die gong krek ien it zij net. Wiebe
wie blezeert mar koe nog goet furdeedugje en we koen.goet oerspielje en Mathijs wie ziek dat wie eigeluk wol jammer.
*Habtamu de Hoop 7 jier.*



Wedstriidferslach fan NylanF1 tsjin **SDS F3**
Yn de earste helft gong it spul hinne en wer sûnder doelpunten. Fanôf de ôftrap yn de twade helte scoarde Koen. Dernei waard Nylan doeltreffender, troch twa doelpunten en wounen sy de wedstriid. Ik fûn it leuk dat Koen yn 'e twade helte in goal makke en dat Alise de keeper in hege bol tsjin hâld en dat wy hast woun hiene en ik fûn it leuk dat ik mei Gerwin ferdedigje koe. Ik skopte nei Gerwin en toen pakte Koen de bal dat fûn ik net sa leuk .
*Solomon de Hoop.*



Wedstrijdverslag **SDS F3** - IJ.V.C. F3
Het was een spannend begin. Koen maakte de eerste goal. Daarna maakten Piter, Koen en Krist nog een goal. Daarna was het rust. In de tweede helft heeft Piter nog twee keer gescoord. We hebben met 6-0 gewonnen! Vet cool.
*Gerwin Sijbesma*

# Ledegearkomste

## Fuotbalferiening SDS

**Moandei 14 novimber 2005**

**jûns om acht oere yn 'e kantine fan de Skoalleseize**

**Wurklist**

1. Iepening
2. Fêststellen fan de wurklist
3. Oantekens fan de ledefergadering fan 25 oktober 2004
4. Jierferslach skriuwer
5. Ferslach jongerein kommisje
6. Jierferslach fan de ponghâlder en fêststellen fan de begrutting
7. Ferslach kaskommisje en ferkiezing nij kommisje lid
8. Kontribúsjeferheging + loskoppeling seal- en fjildfuotbal kontribúsje
9. Donateurs
10. Pauze
11. Bestjoersferkiezing:
    ôftredend en net op nij te beneamen: Dukke van der Wey
    foardracht fan it bestjoer: Sietske Okkema**
    ôftredend en op nij te beneamen: Roel Sijbesma
    nije jeugd wedstriid sekretaris: André Vink
12. Utlis fan de Skoalleseize oer de nij bou.
13. Rûnfraach
14. Slúting

** Nammen fan tsjinkandidaten kinne oan in kertier foar de fergadering yntsjinne wurde by it bestjoer.

**Oant sjen op moandei 14 novimber oansteande!!!**

It bestjoer

# It ljocht op twa sponsers

Sûnt koart binne der wer twa nije boerd sponsers bij. Wij stelle se efkes koart foar.




Oan de Suderhaven yn Wommels is it bedriuw Oldenburger automatisering festige.
Op harren webside (www.oldenburger-automatisering.nl/ ) stiet ûnder oaren fermeld:
*Oldenburger-Automatisering heeft een jarenlange ervaring in het werken met de door ons geleverde programma's. U kunt bij vragen, problemen of voor onderhoud aan uw systeem altijd een beroep op ons doen. Desgewenst bezoeken wij u op locatie. Daarnaast bestaat nu ook de mogelijkheid dat wij online uw pc nalopen, controleren en zelfs vanuit Wommels onderhoud plegen aan uw systeem. Een manier van werken die natuurlijk zeer tijd- en kostenbesparend werkt! De enige voorwaarde is dat u een internetaansluiting bij de pc heeft. Wij leggen u graag uit hoe e.e.a. in zijn werk gaat.*
It bedriuw is 6 dagen yn de wike iepen. Fan 9.00 oant 17.00 oere en sneons oant 16.00 oere.




Oan de Wynserdyk yn Easterein is Galerie "in de kerk" festige. Harren prachtige webside www.artenjoy.nl/ is seker de muoite wurdich om te besjen. Moaie printsjes fan de omjouwing fan Easterein, de ynrjochting fan de tsjerke en in protte ynformaasje oer kuenst.
Hiel aardich binne ek de útspraken dy't dien wurde oer kuenst, lykas: <u>Kunst begint daar, waar de nabootsing eindigt.</u>
De galery is trochstrings iepen op freed, sneon en snein fan 13.00 oant 17.00 oere en op ôfspraak.

# Meinte Sixmatoernooi

Op sneon 22 oktober wie der foar de D, E en F pupillen it jierlikse Meinte Sixmajeugdtoernooi. It waar wie prachtich en der waard wer fûleindich striden om de prizen dy't beskikber steld binne troch de famylje fan Sixma silger.

De winners wiene:

**F1 en F2**
De Eetsjes fochten ek om de prizen..
PieterSytsma
WiebeHeeres
DagmarTjalsma
MathijsPostma



**F3 enF4**
Marten vdWeide
Solomon deHoop
He Ke Vin
TomRechter
RoanPetra

**E1 enE2**
BertCouperus
JobPlantinga
Jelle de Vries
AllertTurksma



**E3 enE4**

Thijs Hobbenschot
Nico Bakker
Casper Oukes
Jan ThomasFaber

**Dpupillen**
Jan de Boer
Klaas bouke Faber
Tjeerd de Vries
Harm Vink
ChristianZijlstra

# SCHEMA ZAALTRAININGEN 2005/2006

Vanaf 31 oktober t/m 27 februari kunnen wij per week 3 uur gebruik maken van de sporthal in Oosterend om te trainen.
De trainingstijden zijn van 17.00 t/m 18.00 uur.
In de maand februari komt er op de maandag nog een uur bij. (16.00 t/m 17.00 uur)
Op de maandag hebben wij 2/3 deel van de sporthal en op de donderdag en vrijdag hebben wij de gehele hal.
Wanneer wijde beschikking hebben over de gehele hal, dan trainen de E en F pupillen met 2 teams gelijktijdig.
Wanneer je zaaltraining hebt moet je buiten je normale sportkleding, GYMSCHOENEN meenemen.
Na afloop kan er gewoon gedoucht worden.
Anne Hallema (0515-332928) is binnen de jeugdcommissie het aanspreekpunt voor vragen m.b.t. zaaltrainingen

**ZAALTRAINING 2005/2006**

| DAG | TEAM | DATUM | TIJD | TRAINERS |
|---|---|---|---|---|
| Donderdag | E1 | 3-nov | 17.00 uur | Durk Yde Sjaarda |
| Donderdag | E2 | 3-nov | 17.00 uur | Anne Hallema |
| Vrijdag | F1 | 4-nov | 17.00 uur | Bauke Dijkstra |
| Vrijdag | F2 | 4-nov | 17.00 uur | Willem Of Theo |
| Maandag | D2 | 7-nov | 17.00 uur | Anne Hallema |
| Donderdag | F3 | 10-nov | 17.00 uur | Pytrik Hiemstra |
| Donderdag | F4 en F5 | 10-nov | 17.00 uur | |
| Vrijdag | E3 | 11-nov | 17.00 uur | Douwe Reitsma |
| Vrijdag | E4 | 11-nov | 17.00 uur | Paul De Boer |
| Maandag | F4 en F5 | 14-nov | 17.00 uur | |
| Donderdag | E1 | 17-nov | 17.00 uur | Durk Yde Sjaarda |
| Donderdag | E2 | 17-nov | 17.00 uur | Anne Hallema |
| Vrijdag | F1 | 18-nov | 17.00 uur | Bauke Dijkstra |
| Vrijdag | F2 | 18-nov | 17.00 uur | Willem Of Theo |
| Maandag | D1 | 21-nov | 17.00 uur | Tsjipke Klaas Of Floris |
| Donderdag | F3 | 24-nov | 17.00 uur | Pytrik Hiemstra |
| Donderdag | F4 en F5 | 24-nov | 17.00 uur | |
| Vrijdag | E3 | 25-nov | 17.00 uur | Douwe Reitsma |
| Vrijdag | E4 | 25-nov | 17.00 uur | Paul De Boer |
| Maandag | D1 | 28-nov | 17.00 uur | Tsjipke Klaas of Floris |
| Donderdag | C1 | 1-dec | 17.00 uur | Klaas Pompstra |
| Vrijdag | F1 | 2-dec | 17.00 uur | Bauke Dijkstra |

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| Vrijdag | F2 | 2-dec | 17.00 uur | Willem Of Theo |
| Maandag | C1 | 5-dec | 17.00 uur | Klaas Pompstra |
| Donderdag | E1 | 8-dec | 17.00 uur | Durk Yde Sjaarda |
| Donderdag | E2 | 8-dec | 17.00 uur | Anne Hallema |
| Vrijdag | E3 | 9-dec | 17.00 uur | Douwe Reitsma |
| Vrijdag | E4 | 9-dec | 17.00 uur | Paul De Boer |
| Maandag | D1 | 12-dec | 17.00 uur | Tsjipke Klaas of Floris |
| Donderdag | C1 | 15-dec | 17.00 uur | Klaas Pompstra |
| Vrijdag | F1 | 16-dec | 17.00 uur | Bauke Dijkstra |
| Vrijdag | F2 | 16-dec | 17.00 uur | Willem of Theo |

## Opmerkingen:

Maandag 2/3 hal beschikbaar.
Donderdag en vrijdag de hele hal beschikbaar.
November, december en januari alle dagen: 17.00 - 18.00 uur.
In februari op maandag van 16.00 - 18.00 uur
en op donderdag en vrijdag van 17.00 - 18.00 uur
**It skema foar jannewaris en febrewaris stiet yn de folgende Treffer en op yntenet**

## Samar wat foto's.







# Ut de âlde doaze



Doe't de foarsitter noch fuotballe en Piter Veenje noch swart wie.....




Doe't KMA noch bestie en froulju noch jong en wyld wiene........

# Himd fan it liif



**Binne der fierders ek feste rituelen foar de wedstriid?**
-Nee dat hat der net!

**Fielsto ek wat fan de wedstriid-spanning fan Willem?**
-Nee, miskien dat der wat faker nei it húske moat foar it sealfuotbal ,mar nee fjirder net.

**Komst ek te sjen by de wedstriden?**
-Sa no en dan .
It is in rare tiid om der hinne te gean (12.15 oere!!!!!!)
En mei bern hielendal.
Mar Tom fynt it wol hiel leuk.

Ik bin Richt Folkerts en bin troud my Willem en wy ha twa jonges Tom en Pieter.
***Ik wurkje op in administraasjekantoar yn Boalsert.***

**Hoe fynsto it dat dyn man fuotballet?**
- Willem docht in soad foar de klup: seal, fjild, de SDS league, de Treffer, de webside en noch folle mear.
Ik fyn dat der in leuke hobby hat, dat moat ek sa bliuwe.

**Moatte jimme ek wat spesjaals ite op sneon?**
-Nee net echt , der is Willem te nochter foar, it komt sa as it komt.
Hy hat dat net echt byleauwen of sa.
Willem giet mei de bern nei de Jumbo om broadsjes mei ham en as der tiid is foar waarm iten, brune beannen af sa.

**Wat fynsto Willem syn moaiste fuotbalmomint?**
-It midwintercuptoernooi yn it FEC.
Syn moaste kado op syn jierdei.
It wy jammer dat ik der net by wie
Mar letter by it feest fol, dat wie tige slagge.

**Seks foar de wedstriid???**
-Dat is gjin probleem foar Willem, mar de bern binne der ek, dat wurd 'm net.

**Wat wolst do noch kwyt?**
-Op in normale tiid fuotbalje soe wol aardich wêze.
En net ûnder iten.
En dat Willem en de bern noch mar In soad fuotbalje kinne!

# Oan it wurd



*In petear oer it 'no' mei in man dy' t nel rom 40 jier SDS ek in soad oer 'doe' fertelle kinne soe, mar dat bewarje we foar in oare kear. Jan van Asselt. Nei earder 17 jier yn it 1e fuotballe te hawwen, is er no taheakke oan de technyske stêf.*

**Wat is dyn funksje by SDS 1 en hoe is dat sa kaam?**
Anne Brouwer hat my foar dit seizoen frege om him sneons by te stean, it wurd hyltiid drokker mei allerhanne omballingen. Mei de technyske stêf ha we dúdlike ôfspraken oer hoe en wat en dat giet goed sa. Nei twa prachtige jierren mei Durk Okkema by it twadde (u.o kampioen en fier kaam yn it bekertoernoai ) is dit ek in moaie funksje'.

**Wat binne jimme doelen foar dit seizoen?**
' Fansels soe hanthavenen moai wêze, mar we wolle toch foaral genietsje! It is hobby en sa moatte je it ek sjen'.

**Hoe sjochsto nei de ûntwikkeling fan de klup, sa as dy no giet en foar de takomst.**
It tink dat we it allegearre goed op de rails hawwe, sawol it bestjoer as de stifting Skoalleseize. SDS is in klup fan frijwilligers en moat dat ek bliuwe. Sportyf sjoen hoopje ik dat we mei eigen minsken sa heech as mooglik fuotbaljen bliuwe kinne'.

**Wat is it sterke punt fan dit SDS 1.**
' Dat is it kollektyf, eltsenien prebearret syn taken goed út te fieren en docht dat mei in protte ynset en dat siert de mannen! Dúdlik is al dat it nivo ferskil as gefolch hat dat we fan efteren út fuotbalje moatte. We komme eins wat te min foar de goal'.

**Hoe sjochsto in ploech it leafste fuotbaljen.**
'Yn in it 4 3 3 systeem. Oanfallend ynsteld mei fleugelspitsen. Fuotbaljend as in kollektyf mei in miks fan hurde wurkers en fuotballers dy't wat mear kinne. Spyljend sûnder al te folle opdrachten, mei romte foar eigen ynbring'.
Derneist tink ik ek wolris wat ferdigenjend en kin ik genietsje fan in goede ferdigenjende aksje'.

**Freed 21 Oktober ha jimme in feestje hand, hasto ek mei rûn yn de polonaise efter Klaus Rozenburg (trainer fan BCV) oan.**
` Nee, mar der wie ik al by. It wie tige gesellich. Ik fûn it in moai initiatyf san jûn'.

**Komt it ea noch goed mei Cambuur.**
' Der ha ik myn twifels oer'.

**Dyn SDS super alve.**

| | | | |
|---|---|---|---|
| Tsjerk Okkema | | | |
| Gerrit eTerpstr | Floris Hiemstra | Hendrik Okkema | Ids Boersma |
| Klaas Okkema | Wouter Hylkema | Durk Ypma | |
| Wim Bakker | Jappie Wijnia | Piet de Jong | |

Lieder
Henk Buning
Wiksels
Klaas Overal
Gert jan Hiemstra
Henk Walda
' Dit wie in drege opjefte, einliks hie ik noch wol in alvetal opstelle kind'.

# SDS League

De SDS League is alwer in aardich ein op reis. Wy sitte ynmiddels alwer yn wike 6, de earste wykprizen binne alwer fallen en de kosten binne int. Nei 6 wiken kinne je ek al ûngefear sjen wêr 't je team bedarje sil oan 't ein fan dizze earste helte fan de kompetysje. Mei noch sa 'n 7 wiken te gean is der fansels noch net ien wis fan in einpriis. Sels om it ûnderste plak wurdt it dit kear spannend.
Koprinner Eastender Nightmares fan STW hat as nûmer 1 dizze wike wer aardich konkurrinsje krigen. Op sich de beste ploeg fan FB is nadere tot op ien punt. Nûmer 3 Nieuw Noord Ole fan JD stiet op 2 punten.
Ûndanks it minne waar docht FC Grasmat fan EdB dizze wike goeie saken. Hy giet fan 10 nei nûmer 5.



*FC Grasmat docht goeie saken..............*

Tom Pieter and the Heartbreakers (T en PW)pakke dizze wike de wykpriis. Mei 39 punten litte sy de rest fier efter harren. Sûnt syn 19e jierdei docht BS út Spannum it in stik better mei FC Munnaps. Mei 33 punten stijgt hy fan 48 nei 33 en grypt "krekt" nêst de wykpriis. Grutte ferliezers dizze wike wienen fansels Hey Ho Let's Go(WW) en De Lullo's(GJH). Beide ploegen pakten net mear as 1(!!) punt.
It hat him hiel wat griize hieren koste mar S.F. hat mei FC Schettens dan eindlik it lêst plak ferlitten. Hy docht de reade lantearn oer oan M.B., de coach fan Easpânne. It gat is net grut sa grut mei mar 2 punten. Krekt boppe FC Schettens docht JdB it ek noch net sa goed. Hy hat mar 5 punten mear as de nûmer lêst.
Dit binne oan 't no ta de beste spilers yn de SDS League:

| | Speler | Club : | Punten |
|---|---|---|---|
| 1 | Perez | AZ | 33 |
| 2 | Kuijt | FEY | 32 |
| 3 | Arveladze | AZ | 31 |
| 4 | Addo | PSV | 30 |
| 5 | Ooijer | PSV | 29 |
| 6 | Koné | PSV | 29 |
| 7 | Zomer | TWE | 27 |
| 8 | Cocu | PSV | 27 |
| 9 | Kalou | FEY | 25 |
| 10 | Lamey | PSV | 24 |

Hjirûnder de spilers wêr 't wy wat mear fan ferwachte hienen:

| | Speler | Club : | Punten |
|---|---|---|---|
| 93 | V. Hooijdonk | NAC | 13 |
| 125 | Yildirim | HEE | 11 |
| 139 | Opdam | AZ | 9 |
| 140 | Zwaanswijk | NAC | 9 |
| 152 | Rosenberg | AJA | 9 |
| 153 | Nevland | GRO | 9 |
| 162 | Barreto | NEC | 8 |
| 221 | Hansson | HEE | 4 |
| 262 | Cristiano | ROD | 3 |
